



### De Grutte Griene Grizel

Julia Donaldson & Helen Oxenbury  
Oerset troch: Hermien van der Meer  
ISBN: 978-94-92176-57-8

### Oer it boek

As Knyn op in dei nei hûs sil, heart er ynienen in lûde stim. Dy stim komt út syn hol wei en seit: "Ik bin de grizel, grut en grien en ik bin akelich gemien!" Knyn is bang foar de grizel, mar syn freonen witte wol hoe't sy de grizel oanpakke moatte.

### Tema's

*Ferstopje, bang en dapper wêze, grut en lyts, inoar helpe, bisten/kikkerts, boartsje*

Yllustraasjes © Helen Oxenbury

### Foar en ûnder it foarlêzen

- Lit de foarkant fan it boek sjen. Wat sjogge jim op de foarkant?
- Lês de titel: *De Grutte Griene Grizel*. Wat is in grizel? Hoe sjocht in grizel derút? Soe it ien fan de bisten op de foarkant wêze?
- Lês it ferhaal yn in rêstich tempo foar en pas dyn stimgebrûk en ynтонаasje op it ferhaal oan (String prate by: 'Kom derút, grizel, grut en grien! Ik wachtsje net langer, ik tel oant tsien!).
- Ek mei mimyk en ekspresje kinst it ferhaal fersterkje (Bang sjen by: "Der sit in Grizel, Grut en Grien yn myn hol", pipe Knyn').
- Wiis details yn it ferhaal oan ûnder it foarlêzen (De slûpende kat oanwize by 'Kat slûpte stikem nei it hol').
- Kinst ûnder it foarlêzen sa no en dan ek sjen litte hoe'tsto it tinken oer it ferhaal oanpak (Ik bin wol benijd wa't der yn it hol sit... Mis-

kien sjogge wy dat op de folgjende side...).

- Beäntwurdzje fragen of reaksjes fan bern koart, mar bliuw net te lang hingjen. Nei ôfrin hawwe jim alle tiid om it ferhaal te bepraten.

### Nei it foarlêzen

- Wachtsje earst eefkes de spontane reaksjes fan de bern ôf en praat nei oanlieding dêrfan mei de bern oer it ferhaal. Freegje as it heal kin ek troch: Hoe witst dat? Wêrom tinkst dat?
- Gryp werom op de fragen dy't jim oan it begjin hiene: Hawwe wy no in antwurd op ús fragen? Hoe seach de grizel derút? Wie it ien fan de bisten op de foarkant? Wie er grien en grut? Wie it wol in grizel?
- Hoechst fansels net alle fragen te stellen, it moat gjin krúsferhoar wurde. Kies in pear goede fragen dy't de bern útdaagje om nei te tinken en te praten.



In pear foarbylden fan fragen dy'tst stelle kinst:

- Elkenien is bang foar de stim út it hol. Wêrom?
- Is mem kikkert ek bang? Hoe witst dat? En wêrom is sy net bang?
- Wa komt der út it hol? Wêrom moatte de oare bisten laitsje?
- Bisto wolris bang? Wêrfoar? En wat dochst dan?



- Dit wiene foarbyldfragen by it tema 'bang en dapper wêze'. By in folgjende kear foarlêzen kinst hieltyd in oar tema út it boek sintraal stelle en dêr spesifike fragen oer stelle.

### Mear dwaan mei dit boek

Sjoch foar mear materiaal passend by dit boek yn de Doch mear mei omke-map en yn de Tomketeek, bygelyks by it tema 'Lekker yn myn liif - Emoasjes'. In pear foarbylden:



- Sjong it ferske 'Bang wêze' út *Retteketet tsjyng boem* en praat mei de bern oer bang wêzen.

### Bang wêze

*Wat rint dêr oer de fier?  
Wat krast dêr op it hout?  
Ik krûp ûnder de tekkens,  
ik bin deabenaud!*

*Wat rint dêr oer de fier?  
Wat krast dêr op it hout?  
Ik krûp ûnder de tekkens,  
ik bin deabenaud!*

Lústerje nei it ferske:



*In spoek efter de doar,  
in spin op it behang,  
in slang ûnder myn bêd,  
ik bin sa bang!*

*In spoek efter de doar,  
in spin op it behang,  
in slang ûnder myn bêd,  
oh wat bin ik dochs bang!*

- Meitsje in kninehol yn 'e romte troch in grut klee oer in taffeltsje te goaien. Soargje datst bûten it hol net sjen kinst wa't deryn sit. De bern meie om beurten yn it hol sitte en de 'grizel' neispylje. 'Ik bin de grizel, grut en grien!'. Mar wa komt dêr út it hol?? Kinste der ek in tikspultsje fan meitsje: elkenien telt oant tsien. By tsien komt de 'grizel' út it hol en mei dy alle oare bisten ôftikje. Wa't as lêste tikke wurdt, mei dêrnei yn it hol sitte.
- Knyn hipt, kat slûpt, bear waggelet, oaljefant stamp. Kinne de bern dy bewegingen neidwaan? Watfoar bистebewegingen kinne jimme noch mear betinke?
- Knyn pipet, kat miauket, bear bibberet, oaljefant stammeret. Kinne de bern dat neidwaan? Kinne jimme noch mear bisten betinke dy't bang binne foar de grutte griene grizel? Watfoar lûd soene dy meitsje?

